


20-1-'96

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

BOLEBON

IT SKIEPPESTURTSJE

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje of oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bydragen fan de lêzers.

Redaksje-adres:

J.W. Nota
Waltawei 39
8765 LN Tsjerkwert

Redaksje:

Richtsje Speerstra- Bakker
Ymswâlderleane 10 (til. 0515 572635)

Gerben Wijnja
Waltawei 53 (til. 0515-579348)

Joop Nota
Waltawei 39 (til. 0515-579499)

Henk van der Zee
Waltawei 31 (til. 0515-579768)

Trudy Witteveen-Hettema
Beabuorren 1 (til. 0515-572549)


Typewurk:

Gjettje Dijkstra-Van der Veen,
Gerben Wijnja

Stinsilwurk:

Henk van der Zee

20-e jrg. nûmer 1, febr. '96



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Untwerp omslach:

Albert van Lingen Jr., Wergea

Bankrelaasje:

Rabobank Boalsert
gironûmer fan de bank: 85.68.29
Rekeningnûmer: 3087.56.800

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan

"bydrage 't Skieppesturtsje" en it jier dêr't it betrekking op hat

Foarwurd fan de redaksje

In krûmke kommentaar

It wie winter yn Fryslân. En hoe! Wikenlang hold Kening Rûchburd syn regear yn strange hân en soarge foar folop winterwille, ek yn Tsjerkwert en omkriten. It iisklubbestjoer spile goed op it waar yn en organisearre foar jong en âld wedstriden op redens en mei priksliden. Dochs wie der yn't doarp en op it iis suver oars gjin praat as "komt er der wol of giet er net troch". Aardich wie it om te hearen hoe't guon minsken, ek riders om utens, faak fan alles en noch wat wisten wylst der yn Ljouwert noch neat besletten wie. In krûmke kommentaar fan ien dy't stommegraach wollen hie dat it nei tsien jier wer ris heve soe.

It soe heve, mar...

Glûpende kâld wie it op guon dagen. De froast sloech dan ek foar master op en besoarge dizze winter in plakje by de top tsien fan strange winters yn dizze ieu. Ut de lêste desennia stean allinne dy fan '63 en '79 heger op 'e ranglist. Sels de Alvestêdetocht winters fan '85 en '86 waarden ferslein. Ferslein wie lykwols ek it folk oer it net trochgean fan in nije edysje fan de Tocht der Tochten. Alles like der ommers op dat it heve soe. Wakker aktyf wie elkenien om it safier te krijen. Ek ús doarpke kin no sizze oer wakkologen te beskikken, iismasters dy't mei sjirurgyske krektens wynwakken witte te betwingen sadat kloften riders oer de oaninoar groeide skossen fierder kinne troch in beferzen wrâld. In iisbaan is moai, mar de fiere fierten fan de wide wrâld lokje no ien kear mear.

Soarch troch sûn ferstân

Dat de grutte tocht op't lêst net trochgongen is, mei it Alvestêdebestjoer net oanrekkene wurde. Kritisi woene de Swarte Pyt wol graach dellizze op 'e buro's fan dit bûnte selskip fan bestjoerders en rayonhaden, mar hifken dêrby amper de ferantwurdlikens dy't Kroes en syn mannen mar al te goed fielden. Harren beslút, hoe spitich ek, waard droechen troch de hiele ploech. De soarch foar in goed ferrin stiet foarop en dat kin allinne mar respektarre wurde. By de minste twifel moat keazen wurde foar wissichheid. En salang dat der net is, - en dat wie der net! - heart in nuchter stik sûn ferstân te oerwinnen. Dat it 'achterôf sjoen de freeds wol kinnen hie, is noch gjin reden om de mannen harren moedich beslút oan te fochtsien. De útgangspunten binne folslein dúdlik. En as dit of as dat yn de diskusje de oerhân kriget dan bejout men jin op glêd iis. In beslút kin nea basearre wurde op twifel of droechen wurde troch in grutte gok.

Goede namme

Kroes en syn mannen ha sjen litten dat Friezen by wize fan sprekken net oer ien nacht iis geane. Mei oare wurden: harren soarch foar it folk en dêrmei foar de goede namme fan de tocht stiet heech yn't findel en dêrby heart in suvere krektens. Emoasjes en ekonomyske belangen, hoe goed dy ek te begripen binne, passe net by harren beslútfoarming. It toanen fan spyt achterôf is goed trochklonken yn de Nederlânske húshâldings, mar dat hat de mannen absolút net ferkeard dien. It sierde harren! It binne ek minsken. En hja hiene de tocht ek stommegraach útskriuwe wollen, mar hja wisten foarôf net dat Kening Winter noch safolle froast út syn Sibearyske kist tsjoene soe.

Frijwilligers

De fraach oft alle wurk fan frijwilligers dêrmei foar neat west hat, moat mei ûntkenning antwurd op jûn wurde. It is goed te konstatearjen dat it Fryske folk wer klear stie om te helpen, ek hjir by ús. Boppedat waarden negative wrâldberjochten wer ris ferkrongen troch regionaal Frysk winterwillenijs: it tillevyzjewak yn Wytmarsum, Piet Paulusma (de nije Pelleboer?) syn "hoop op segen-winterfroast", wakkologen, belsydjeien of poallânskippen op Iselmar en Waadsee. Faaks komt dêrby noch it kruien fan de mânske iisskossen dy't by teiwaar en in fûle súdwester foar huzenhege iisbergen soargje kinne en wer smiten folk nei de kust lûke sille. Hawar de winter fan 95/96 wie yn elk gefal wer ien mei in gouden list: sierlik waar mei in skoftke snie en folop iis. De bern hawwe harren ta de teannen út fermakke. Wat in geniet. Sa kinne om ús alle winters wêze.

It tableau-vivant op de Trekfeart wie wer fan in rykdom dy't ús fergees taskikt waard. En dan noch kleie dat de Tocht net trochgongen is? Hûnderten binne der troch Tsjerkwert kommen, op redens om de alve stêden te betwingen. Dat wie foar harren al in persoanlik hichtpunt dat net licht fergetten wurde sil. Lit ús ek myld wêze nei it bestjoer en de rayonhaden fan de Alvestêdetocht ta troch begryp te toanen. De ynset wie folslein en brocht Fryslân mei goed winternijs (ik skriuw mei opsetsin gjin waarnijs) eefkes yn it sintrum fan it wrâldbarren op tillevyzje.

Waltahûs

Goede ûntjouwings binne der ek mei it nije Waltahûs. Nettsjinsteande winterfermeits setten frijwilligers mei moed op nei it doarpshûs om fierder te wurkjen oan harren útdaging: it klear meitsjen fan in nij ûnderkommen foar de hiele doarpsmienskip. It is noch net safier, mar dochs hulde foar alles wat der al berikt is!

De Skieppesturt koe ek noch net útrikt wurde, mar wês der mar wis fan dat wy mannichien yn'e gaten hâlde en meidetiid ta in útdragen saak komme.

In nij jier is wer útein setten. Wy winske dat it elkenien foar de wyn gean mei en dat it ek yn 1996 wer folop brûzje sil fan aktiviteiten yn Tsjerkwert en omkriten.

Gerben Wijnga

Berichten van de dorpsomroeper

En de laatste weken van het jaar zullen de kerken bijna geen onbezette plaats laten zien. En de preekheren komen soms maar nauwelijks aan het woord door alles wat er omheen is!

Oudere mensen en alleenstaanden worden de laatste dagen van het jaar nogal eens afgescheept met bezoek van lieden die het gehele afgelopen jaar lieten afweten. Eenzamen en alleenstaanden hoeven niet alleen te staan in het leven, wat ze nogal eens denken en gedacht hebben. Het is alleen maar een kwestie van zelf een hand uitsteken naar een ander. En vaak blijkt dan die ander -diep in zijn hart- óók alleen, maar al te graag die hand accepteert! Waardoor niet één maar twee mensen rijker worden. Telkens weer rijker worden door vriendschap die ze nergens te koop vonden.

26 November laatste zondag van het kerkelijk jaar! 3 december eerste zondag van Advent en tot de kerstdagen leven wij in de Adventstijd. Wie het licht lief heeft blijft in het licht, geeft het door aan anderen. Dat is Advent. Want ook tot ons zegt God steeds weer sta op en ga. Daardoor wordt Kerstmis verbonden met Pasen. Ik hoop dat het voor u en mij een adventstijd is geworden. En alle goeds voor de komende weken!



Rijk is de mens , die zijn leven stelt in de hand van de Heer
Hem steeds de koers laat bepalen
En op Hem bouwt telkens weer
Laat dan de stormen maar komen
Laat dan de golven maar slaan
Wie Hem het roer heeft gegeven
Zal Hij niet onder doen gaan!

Ik voer gedurig heen en weer
met't oog op God wat wil je meer.
En blijf daar altijd op vertrouwen
Meer dan op anker, zeil en touwen
God is de Heer en anders geen
Daar ik op bouw en vast vertrouw.
O Goede Hemelkoning, bewaar ons in
dee's kleine woning.
Schenk ons kracht, zegen en gewin.
Gezondheid en vrede naar ons zin!

Op de vroege morgen van de eerste januari-dag hoop ik dat het voor u en mij mag worden een jaar dat hartelijkheid, liefde en verdraagzaamheid de boventoon mogen voeren.
De waarde van het leven wordt niet bepaald door wat wij hebben of wie we zijn maar wat we doen!
Het ware te wensen dat alle mensen met al hun gebreken zich zelf eens bekeken. Dan zouden zij het praten over anderen wel laten!!

Ook mijn hartelijke dank voor u aller vriendschap in het jaar 1995!!

Mensen geniet van de gewone dingen en je bent de koning te rijk!

Veel dank aan de redactie voor plaatsing van de 100ste maal: Berichten van de Dorpsomroeper. Het Russisch spreekwoord zegt dan ook; Wat met een pen is geschreven, kun je met geen bijl meer weghakken. En het is nog waar ook. Al de lezers een bijzonder Hartelijke groet!



betanke
doarpsomroeper
foar jou
100ste
bijdrage!

Zaterdag 3 maart j.l. =1990= werd na een onderbre-
king van een aantal jaren weer gevierd Tjerkwerd
was geen Tjerkwerd meer maar het plaatsnaambord
vermelde Skiepppegat, en de inwoners heten de
Skiepppegatters en de organisatoren waren de Skieppe-
hoeders. Al met al een mooie avond in het plaatselij-
ke ethablisement waar ieder zijn plezier deelde met
zijn medemens. Waar onderscheidingen werden uitge-
reikt door de Prins en het Sun-Set trio met vro-
lijke noten strooide.

Op 24 jan. j.l werd ik 76 jaar.

Als slot "Vriendschap".

Wat deert het, als de dagen moeizaam zijn
En heel mijn aandacht, strijd een zwaar geding
Zolang ik rusten mag zo nu en dan
Te midden van een trouwe vriendenkring!

O dank! voor een lach en een stevige hand
Voor een welgemeend woord van hulp en raad
Van een vriend, die mij in mijn vreugd en mijn zorg
Met een vriends begrijpen verstaat!

O dank! voor een slag op mijn moede rug
Als zwaar mij het gewicht van het leven drukt
En voor een hartelijk "kerel houdt moed!"
Als noodlot mij bijna de hoop ontruikt

O dank! voor een vriend die mij raden durft
Als de hand van een wegwijzer mijn oog ontgaat
Voor een vriend, die, wetend mijn schuld
In d' ure van zwakheid mij niet verlaat.

Wederom van huis tot huis de vriendelijke
groeten!!!!

van de Dorpsomroeper.

ZATERDAG 30 MAART

speciale disco-avond for you !

Wie zijn 'you' ?????

'You' zijn die bekende jongens en meiden van Tjerkwerd e.o die in de 1e, 2e of 3e klas van het Voortgezet Onderwijs zitten ;

Waar is dit feest ?????

In jullie vroegere school

'de Reinbôge'

vanaf 8 uur 's avonds (tot ~ 11) ;

Mogen jullie iemand meenemen ??

Geen huisdieren maar wel tót anderhalve

vriend of vriendin, dus 1 óf 2... ;

Wat kost het ????

Een weinig entree

(nog niet bekend),

1 gulden voor een (fris)drankje,

en 25 gulden voor één glas bier

(....is er dus niet) ;

Is er goeie muziek ?????

Goeie zeer zeker, keiharde niet, we willen geen doof Ned. kweken

Ja, natuurlijk ...én..

Kan er gedanst worden ????

er kan ook nog gedanst worden ;

Is d'r nog meer ???

Alleen dit nog... Wat we aan geld overhouden gaat naar een goed doel.

(we zijn in school bezig met een project met als doel geld in te zamelen voor de aanleg van waterputten in Mozambique)

☞ Hoe geef ik me op ???? want tsja, we moeten wel een heetje kunnen plannen voor wat inkoop enz. betreft, dus daarom moet je van tevoren even doorgeven dat jij en je vriend/-in (1 of 2) komen. Dat kun je doen door hier je naam in te vullen en hier die van jouw meenemers. Deze bladzijde trek, scheur of knip je eruit (overschrijven mag ook) en je levert het z.s.m. in op Waltaweg 31. Gesnapt !! Alvast tot zaterdag de 30-ste !!!!!!!!!!!!!

Zijn er een paar ouders (of héééle grote zussen of broers) die mee willen helpen bij de organisatie van de avond, dan zijn zij uiterst welkom !! Neem contact op met meester Bert of meester Henk (577 002 of 579 768) Dan kunnen we er met elkaar een succesfeest van maken !



Knip!!

- - - Fan 'e iisferiening - - -

Tongersdei 7 desimber '95 wie it foar it earst dit winterskoft, dat de glêde izers wer ûnder koenen. De middeis en ek de jûns wie de iisbaan iepen. Oant en mei de snein-te-jûns koe der riden wurde. Moandei 11 desimber wie it taaiwaar, mar in part fan it iis bleau lizzen, sadat sneon-te-jûn 16 desimber de baan wer iepen koe. De moandeis izelde it. Ek dit kear bleau in part fan it iis lizzen en koene we fanôf woansdei 27 desimber al wer ride.

Op freed 29 desimber wiene der hurdriderijen op 'e iisbaan. De bern fan 'e basisskoalle diene, neidat se elk in lotsje lutsen hiene, tige harren bêst om as earste oer de streek te kommen. By de jongste groep bern wie de wize wêrop't se rieden, in lust om te sjen. In taktyk, dy't sukses hie, wie om yn it begjin fan 'e race wakker om je hinne te sjen en it dan op in draven te setten. De priiswinners krigen in medalje en alle dielnimmers in lytse traktaasje. De útslach wie:

- | | |
|---------------|-------------------------|
| groep 1 en 2: | 1. Bouwe Huitema |
| | 2. Seakle Zijsling |
| | 3. Jouke Gietema |
| groep 3 en 4: | 1. Rein Bakker |
| | 2. Anne v.d. Schaaf |
| | 3. Sjors Witteveen |
| groep 5 en 6: | 1. Bert Jan Ouderkerken |
| | 2. Aggie Walsma |
| | 3. Klaas Haytema |
| groep 7 en 8: | 1. Sjoerd Wijngaarden |
| | 2. Nynke Dijkstra |
| | 3. Marrit Schakel |

De jûns gie it oan foar de âldere jongerein. De ferljochte en fage baan lei der moai hinne. Ek no moasten de dielnimmers sels harren lotsje lûke om fêst te stellen yn hokker rit se ride moasten. Aardich wat dielnimmers wiene goed oan elkoar weage en dêrtroch wie it nochal ris nedich, dat der foar in tredde kear tsjin elkoar riden wurde moast. Yn 'e

klasse manlju 35+ moast Ids Schukken noch ien kear winne om de beker definityf yn syn besit te krijen. Hille syn winsk om Ids nochris te ferslaan waard neat: hy luts it ferkearde iutsje. Ids moast daliks tsjin Jelle Ziisling, it nije talint. Nei in tal spannende ritten waard Jelle Ziisling kampioen. Johannes Dijkstra koe him net bynâide en waard twadde. Hille Schakel moast him tefreden stelle mei in tredde plak. De oare útslaggen wiene:

12 o/m 15 jier:

1. Tineke Schukken
2. Lybrich Schakel
3. Durk Walsma

16 o/m 35 jier:

1. Rikst-Nynke Schakel
2. Tjeerd Haarsma
3. Bertus Rinse Bakker

froulju 30+

1. Lutske Schakel
2. Thea Ziisling
3. Hiltje Postma

Op sneon-te-jûn 6 jannewaris waard der om 19.30 oere op'e ferljochte trekfeart mei moai friezend waar in leden-estafette ferriden. De 35 dieinimmers strieden tige fûl om 'e ear. De útslach wie:

- 1 Tjeerd Haarsma, Tineke Schukken, Folkert Hofstra
- 2 Riens v Buren, Welmoed Schakel, Yde Schakel
- 3 Jolt v Buren, Lybrich Schakel, BertJan Ouderkerken

Hjirnei wie it prikslydzjen oan bar. Hjir diene 36 Tsjerkwerters oan mei en frij faak wiene der 3 ritten nedich om in winner oan te wizen. Al mei al raak spannende ritten. Inkelden makken der wat moais fan: pirouettes, achterstefoaren slydzje ensfn. De útslach wie:

1. Freerk Kootstra en Tineke Schukken
2. Wieger de Jong en Lisette Kootstra
3. Arjen Steur en Anneke de Jong

Men koe sa fan it iis yn it tsjerkje komme, wêr't de koek en zopie wie. Heechpoalich tapyt en in spesjaal makke trep soarchen derfoar, dat de redens net ûnder wei hoechden. Lekkere waarme sûkelarje-moike en kofje mei koeke stiene klear; elk dy't it woe koe him lekker opwaarmje by de houtkachei. Nei ôfrin wie de priisutrikking yn it tsjerkje. Tank oan Joop en Akke foar de gastfrijheid.

De plande toertocht Wûnseradiel-Súd foar snein 7 jan
foel spitigernôch letterlik yn it wetter. Fan sneon
op snein frear it licht, mar om-en de by 7 oere de
moarns begûn it te izeljen. De diken waarden spiegel-
glêd en al rille gau lei der wetter op it iis. It
wie dus al gau dúdlik, dat de tocht net troch gean
koe.

In wike lang hat it doe wer taaiwaar west, mar de
winter kaam wêr werom. De iisbaan wie al gau wer
sterk, mar troch de hurde wyn wie der in soad smoar-
gens op it iis waaid. De fearten en marren wiene
ûnbetrouber, om't der in soad wynwekken wiene. Op
guon plakken lei al sa'n 15 sm. iis, wylst de wyn-
wekken net ticht woene. De alve-stêdekoarts kaam en
minsken begûnen fan alles út te finen om de wekken
ticht te krijen. Iistransplantaazje en wynskermen
seach men rûnom. Yn Tsjerkwert kaam in echt trans-
plantaazje-team op 'e proppen. Mei de kettingseage
waarden stikken iis losseage en ûnder de brêge yn it
wek brocht. Neist de brêge kaam in eine-wek. Mar de
einen sieten leaver ûnder de brêge. It wek ûnder de
brêge moast dêrom ôfskerme wurde foar de einen. Ek
it grutte wynwek by Ymswâlde waard troch it team út
Tsjerkwert ûnder hannen nommen.

Sneon-te-middei 3 febrewaris waard der prikslydzjen
organisearre foar de bern op 'e trekfeart. It wie
gesellich drok, want der kamen in soad reedriders
foarby. (11-stêdetocht stie der oan te kommen) It
wie bytiden in hiele toer foar de lytste bern om te
prikslydzjen, mar mei in lyts triuwke fan 'e bizem,
waarden se wer op it rjochte spoar set. Nei ôfrin
wie der foar alle 45 bern wat snobbersguod. De bern,
dy't it hurdst prikslide hiene, krigen in moaie
medalje. De útslach wie:

- | | |
|---------------|-------------------|
| groep 1 en 2: | 1. Jouke Gietema |
| | 2. Bouwe Huitema |
| | 3. Froukje Walsma |
| groep 3 en 4: | 1. Rein Bakker |
| | 2. Yme Gietema |
| | 3. Tiemen Steur |

- groep 5 en 6: 1. Klaas Haytema
2. Anneke Hylkema
3. Bert Jan Ouderkerken
- groep 7 en 8: 1. Hans Haarsma
2. Pieter Ruma
3. Sloerd Wijngaarden

Der waard grute, dat woansdei 7 febrewaris de alve-stêdetocht ierriden wurde soe. De Wûnseradiel-Sûdtocht koe no ek ierriden wurde en moast dus eins foar DE TOCHT holden wurde. Tiisdei 6 febrewaris soe it wêze. De alve-stêdetocht gie net troch, mar de Wûnseradiel-Sûdtocht wyl. Fanút Tsjerkwert binne 195 dielnimmers starten. Men koe ek starte yn Makkum, Warkum en Parregea. Hast alle bern fan groep 7 en 8 ha de 35 km riden, nettsjinsteande de stevige wyn. In knappe prestaasje! It tsjerkje wie as stempelplak en koek en zopje ynriichte. Guon dielnimmers kamen út Brabant, Grins, Noard-Hollân en sels út België en Dútslan. Al mei al in tige slagge dei.

L.S.J.



Photos by Brian Thompson, Expositor Staff

The Riverfest town crier competition draws criers from throughout southwestern Ontario. This year's event featured three criers at the Bell Homestead Saturday. Not for the faint of throat. Mr. F. Schakel from Tjerkwerd was one of the foreign competitors.

Het Korps laat van zich horen

Beste Dorpsgenoten.

Hier weer eens een berichtje van het korps. Zoals jullie vast al weten is Nynke Dijkstra uit Makkum onze vaste dirigente en we zijn erg blij met haar.

Sinds 1 januari 1996 heeft Nynke de muziekvereniging van Makkum gekregen en wel op de maandagavond.

Omdat we Nynke niet kwijt wilden, moest ons korps een beslissing nemen. We moesten kiezen tussen Nynke houden en dan op een andere avond of op de maandagavond blijven en een andere dirigent zoeken. Het korps heeft besloten om op een andere avond te gaan repeteren en wel op de woensdagavond van 20.00 u. tot 22.00 u..

Ook dirigeert Nynke ons jeugdkorps. Ze leert de kinderen samen te spelen en te luisteren naar elkaar om er een mooie klank van te maken.

Het jeugdkorps repeteert van 19.00 u. tot 19.45 u.. Dus dorpsgenoten, heb je deze avond vrij en houd je van muziek: KOM ERBIJ.

a.s. Zaterdag 9 maart 1996 houdt het korps de jaarlijkse uitvoering. Dit keer wordt het concert gehouden in de Hervormde kerk te Tjerkwerd wegens verbouwing van het "Waltahûs".

Ook zal er een koper-kwartet aanwezig zijn. Het jeugdkorps is ook druk bezig met het instuderen van hun stukken en ze zullen zeker ook deze avond iets van zich laten horen.

We hopen dat het een succesvol concert wordt en we rekenen op uw komst!!!

Tót dan!

Korps "Eensgezindheid".
secr. Beitske Breeuwsma.

Bedankjes

*Tige tank foar alle kaarten en/of presintsjes
dy't wy krigen ha nei de berte
fan ús famke Reiny.*

Riemer en Akky Haytema

Hallo beste mensen,

Hierbij wil ik iedereen bedanken voor het
medeleven tijdens mijn ziekenhuisopname
en bedanken voor de kaarten, bloemen en fruit.

Marten Brandsma.

Bedankt!

voor uw bijdrage aan de collecte voor het
Kinderkerstfeest op 25 december .
De opbrengst was f. 792,--
Alle mensen die hebben meegewerkt om er
een prachtige kerstviering van te maken.
Nogmaals hartelijk dank.

de Kindernevendienstcommissie

Achte Doarpsgenoaten
fan Tsjerkwert, Dedzjum en omkriten.

Wy wolle jimme, allegearre tige tank sizze foar
jim bydrage doe't wy rûn ha mei de kollektibus
foar geastlik gehandikaptten.
It bedrag wie f. 516,25 cent.

In hertlike groet fan
B. en R. Bakker
Waltawei 5, Tsjerkwert.

Bydragen

(fan novimber '95 oant febrewaris '96)
J. Visser, Dedzjum; Phün, Ymswâlde; Tj. Galama, Jonkers
huzen; J. Henzen, Parregea; S. Buwalda, Snits;
T. Twijnstra, Hellendoarn; A. Feenstra, Dedzjum;
A.M. Galama-Ypma, Boalsert; A. Mekking, Singel;
S. Breëuwsma, fan Panhúswei; G. Dijkstra, Waltawei;
P. Ottenbros, Haarlim; P. Burghgraef, Jousterp;
A. de Jong-Boersma, Boalsert; H. Schakel, Sylroede;
B. Bakker, Waltawei; T. Gaastra, Boalsert;
S. de Jong, Waltawei; J.E. de Vries-Vinke, Hearde;
B. Burghgraef, Boalsert; B. Huitema, Jousterp;
I. Wiersma, Dedzjum; A. Walsma-de Boer, Boalsert;
R. Haytema, Sylroede.

Us hertlike tank.

OPROP

Hallo dorpsgenoten,

Het verbouwen van It Waltahús verloopt prima. De vrijwilligers en stichtingmensen zijn allemaal hard bezig om zo snel mogelijk weer gebruik te kunnen maken van ons dorpshuis.

Er zit toch wel aardig wat werk en dus tijd in.

We werken er iedere avond van ongeveer half acht tot tien uur aan plus de zaterdagmorgen van ongeveer tien tot twaalf uur. Daarna zitten we nog even gezellig na.

Heeft U tijd om ons te helpen? Wij dan gerust even aan en steek de handen uit de mouwen. We kunnen nog wel wat schilders en andere hulpen gebruiken.

U kunt ook bellen met

Janet Volbeda

tel. 572450

Trudie Witteveen

tel. 572549

Aarzel niet maar bel. Ook U kunt ons helpen!

Alvast bedankt.

Stichting "it Waltahús"

Aktie Roemenië roept

Aktie: Roemenië Roept.

De inzamelingsaktie voor Roemenië, welke ook op 16 dec. in Tjerkwerd is gehouden heeft weer veel kleren, voedsel, brillen, giften e.d. opgeleverd. Allemaal heel hartelijk dank hiervoor.

Alleen al in Tjerkwerd konden we 60 dozen vullen. Ook de schooljeugd maakte weer pakketten voor de weeskinderen aldaar.

Tevens konden we de werkgroep f. 985,-- overhandigen, welke werd gebruikt voor o.a. voedsel medicamenten en vervoer.

Ook wil ik iedereen bedanken voor het kopen van de loten. Hoewel ze dit jaar f.2,50 kostten, hebben we toch 350 loten kunnen verkopen.

In Tjerkwerd zijn 4 prijzen gevallen.

Verder wil ik Anneke de B., Anneke F., Tetsje, Iefke, de "Reinbôge" en it Waltahûs heel hartelijk bedanken voor de hulp en verder iedereen die meegeholpen heeft om deze actie zo goed te doen slagen.

Fijn dat ook Tjerkwerd een lichtpuntje kan zijn in deze koude, donkere winter in Roemenië.

Sytske.

Haute Couture

Epie Wijngaarden hat mei hiele moaie sifers it diploma foar HAUTE COUTURE helle.

Dit is " Gala en Bruidskleding".

In moai stikje wurk fan Epie is te bewûnderjen yn de etalaazje fan studio Steggerda yn Boalsert. In prachtige breidsjapon droegen troch Akke Algra. Ik fûn dit sa in prestaasje dat ik tocht dit moat efkes fermeldt wurde.

Dus dames mochten jimme in lúkse japon of breidsjapon meitsje litte wolle dan kinne jimme terjochte by Epie Wijngaarden (tel. 0515-579761)

Rens Bakker, Waltawei 5, Tsjerkwert.

Mededelingen stichting It Waltahûs

Geachte dorpsgenoten,

Inzake de verbouwing van ons dorpshuis zijn wij momenteel druk bezig met schilder- en installatiewerkzaamheden, zoals de centrale verwarming, elektrisch, afvoeren en ontluchting. De eerste c.v. ketel is al aangesloten op de bestaande radiatoren in de grote zaal, zodat er een aangename temperatuur heerst. Zodra het elektrisch is aangelegd komen de stucadoors aan bod en daarna het tegelwerk.

Als u dit stukje leest is de "kap" geheel geschilderd en zijn de beide plafonds al verwijderd.

Met de timmerwerkzaamheden gaat het ook prima. Men is momenteel bezig met het afhangen van deuren op de bovenverdieping en het afwerken van de peuterspeelzaal. Zo spoedig mogelijk wordt begonnen met de nieuwe entree met luifel en erker aan de kant van de Waltaweg.

In de planning van een jaar terug waren wij ervan uitgegaan dat het dorpshuis niet in gebruik kon zijn voor activiteiten in de eerste helft van het winterseizoen. Het spijt ons dat dit gaat gelden voor het hele seizoen, maar de verbouwing is ongeveer 3 maanden later begonnen dan gepland. In ieder geval krijgen wij er straks een mooi dorpshuis voor terug.

De burgemeester en wethouders zijn 13 februari jl. bij dorpsbelang op bezoek geweest en hebben de verbouwing bezichtigd. Zij waren vol lof over wat zij te zien kregen en over het vele werk dat hier wordt gedaan door de vrijwilligers, zonder overigens C. van Zuiden en zijn personeel hiermee te kort te doen.

In ons stukje van juni 1995 stond dat wij van plan waren na de verbouwing een rommelmarkt te houden van overgebleven spullen die niet terug gaan naar het dorpshuis en met spullen uit het dorp. Het bestuur van dorpsbelang heeft (in verband met de drukte van de verbouwing) ons aangeboden de organisatie van de rommelmarkt op zich te nemen. Dit prachtige gebaar wordt door het stichtingsbestuur bijzonder op prijs gesteld en met plezier aangenomen. U. hoort hier dus nader over van dorpsbelang.

Tenslotte is er per 1 januari 1996 een nieuw bestuurslid benoemd in de persoon van Jappie de Boer. Hij komt in de plaats van Haye Huitema. Haye blijft wel net zoals Rients verbonden aan het bestuur tot na de verbouwing.

Stichting Doarpshûs It Waltahûs.

BEGRAFENISVERENIGING TJERKWERD-DEGUM

Leden en dorpsgenoten,

Nu Piet Tolsma te kennen heeft gegeven om per 1 april te stoppen met het werk als bode hebben wij verschillende personen gevraagd voor dit werk, maar zonder resultaat.

Naar aanleiding hiervan hebben wij begrafenisondernemer Th. Cuperus uit Bolsward gevraagd als nieuwe bode voor onze vereniging die dit heeft aangenomen. Er was altijd al een goede samenwerking met hem.

Als u nog geen lid bent en toch ook onze vereniging voor onze gemeenschap in stand wilt houden dan kunt u inlichtingen vragen bij ondergetekenden.

Penningmeester O.S. Postma tel. 579124
Secretaris A. Gietema tel. 579514

P.S. Nieuwe bode:
Th. Couperus tel. 572416 bgg. 573658

Bericht van "It Pjuttahonk"

We zitten nu al weer vanaf 1 maart '95 in de dépendance van "It Waltahûs", wat nog steeds uitstekend bevalt. Het was er af en toe wel wat koud, maar met de kachelstjes die er staan kunnen we ons uitstekend redden.

Na de grote vakantie van '95 hebben we een stagiaire; dit is Tecla Beijer. Ze komt elke dinsdagochtend te helpen; dit houdt voor de moeders in dat ze minder vaak hoeven mee te draaien.

Er zijn ook al weer een aantal kinderen naar de basisschool gegaan, dit zijn: Renske Hijlkema, Anne Gietema, Hilda Galama, Welmoed Blanksma. Allemaal een leuke tijd toegewenst!

Er zitten nu 15 kinderen op de peuterspeelzaal verdeeld over twee ochtenden.

DINSDAGOGHTEND

Siemke Huitema
Helena Zijssling
Thomas v.d. Zee
Klaas Bakker
Florine Balkema
Nynke Postma
Auke Marten v.d. Kamp
Hielke Hielkema
Ingrid de Boer
Andrea de Boer

VRIJDAGOGHTEND

Siemke Huitema
Helena Zijssling
Thomas v.d. Zee
Klaas Bakker
Florine Balkema
Wyske Nieboer
Douwe Bakker
Jouke Haytema
Hanna Harkema
Johannes Postma

Mochten er nog mensen zijn die nog puzzels, rijdend materiaal of ander speelgoed hebben, en er niets meer mee doen, dan houdt de peuterspeelzaal zich graag aanbevolen. tel. 579333

vr. gr.

Karin Harkema.

Rommemarkt 11 mei

Graag uw aandacht voor het volgende:

Het ligt in de bedoeling dat het bestuur van de vereniging voor Dorpsbelang Tjerkwerd e.o. zaterdag 11 mei 1996 een rommemarkt gaat organiseren ten bate van "It Waltahûs" in de loods van U. Haarsma. Om dit tot een groot succes te maken vragen wij uw medewerking.

Als u gebruiksvoorwerpen weg wilt doen zoals: fietsen, serviesgoed, meubels, kleding, speelgoed, elektrische apparatuur enz. zou u het dan willen bewaren voor de rommemarkt.

Heeft u gebruiksvoorwerpen voor de rommemarkt, maar geen ruimte om het zelf op te slaan, neem dan even contact op met Anneke Feenstra, Bolswarderweg 1A, tel. 577370 (na 17.00 uur).

Terzijnertijd worden de spullen huis-aan-huis opgehaald, u krijgt hierover nader bericht.

Bij voorbaat hartelijk dank voor uw medewerking.

Namens het bestuur van de vereniging voor Dorpsbelang.

Aggie.

Aginda

9 maart : Muzykútfering Eensgezindheid.
plak - St. Petrustersjerke / tiid - jûns 8 oere.

14 maart : aksje-jûn 'Mozambique',
tusken 5 en 7 oere, hutspot ite yn é skoalle.

30 maart : feestjûn yn é skoalle foar bern
fan 't foarset ûnderwiis / tiid - jûns 8 oere.

11 maaie : Rommelmerke

11 maaie - Nasjonale Moledai

Fusie Kruiswerk en Thuishulp

Fusie Kruiswerk en Thuishulp.

Per 1 januari 1996 zijn de Stichting Kruiswerk Zuid-West Friesland en de Stichting Thuishulp Zuidwest Friesland officieel gefuseerd tot de nieuwe Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland. Door deze integratie meent de Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland nog beter in staat te zijn een op maat gesneden pakket van thuiszorgdiensten aan te bieden. Vanaf 13 januari zal Thuiszorg Zuidwest Friesland haar nieuwe huisstijl gaan toepassen. In de bereikbaarheid van de kantoren zal tot nadere aankondiging geen verandering optreden.

De nieuwe organisatie.

De nieuwe organisatie telt ruim 1100 medewerkers en is actief in de volgende gemeenten: Sneek, Bolsward, Gaasterlân-Sleat, Nijefurd, Wymbritseradiel, Litten-seradiel, Wûnseradiel, Skarsterlân en Lemsterland.

De Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland wordt geleid door directeur/bestuurder, de heer J.J.M. Haarsma. Daarnaast is een nieuwe Raad van Commissarissen benoemd en is de organisatie opgedeeld in vijf divisies, te weten: divisie Ouder- en Kindzorg, twee divisies Thuisverzorging- en verpleging, divisie Service en divisie Facilitaire Dienst. De divisies staan elk onder leiding van een divisie manager.

Kwaliteit.

1996 staat voor de Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland in het teken van de opbouw. De opbouw van een nieuwe organisatie waarin integratie en samenwerking, zowel binnen als buiten de organisatie centraal staan en gestreefd wordt naar optimale kwaliteit van zorg- en dienstverlening.

Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland
Contactpersoon : Drs. Lidy van der Ploeg
(Pr-functionaris)
Telefoon : 0515 - 41 77 55

INFORMATIE OVER VERGEETACHTIGHEID EN DEMENTIE

Dit voorjaar zullen verschillende activiteiten rondom het thema "Vergeetachtigheid en demantie" worden georganiseerd door "Preventief". Dit is een samenwerkingsoverleg van organisaties die werkzaam zijn op het terrein van de (preventieve) ouderenzorg in Zuidwest Friesland. De activiteiten zijn bedoeld voor familieleden/verzorgers van dementerende ouderen en voor andere belangstellenden.

Tentoonstelling

Geïnteresseerden in dit onderwerp kunnen de tentoonstelling "In de war? ... Vergeetachtig?... Is het demantie of wat anders?" bezoeken in het Gemeentehuis van Wommels van 7 t/m 14 maart, in het Gemeentehuis van Joure van 15 t/m 21 maart of in "De Poort" te Sneek van 22 t/m 28 maart a.s. Bij de tentoonstelling ligt een gratis brochure en een wegwijzer klaar. Hierin is informatie opgenomen over de mogelijkheden voor hulpverlening en advies.

Themabijsamkomsten

De bijeenkomsten vinden plaats in het Gemeentehuis van Wommels op 14 maart, in het Gemeentehuis van Joure op 21 maart en in "De Poort" te Sneek op 28 maart a.s., telkens van 14.30 tot 16.30 uur. Deelname is gratis. Geïnteresseerden kunnen zich opgeven tot uiterlijk 5 maart a.s. bij het cursusbureau van de Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland, telefoon 0515 481834 (tijdens kantooruren).

Gespreksgroep

De gespreksgroep is bedoeld voor partners, familie of andere verzorgers van dementerende ouderen die nog thuis wonen. De gespreksgroep wordt gehouden in "De Poort", Oud Kerkhof 11 in Sneek vanaf donderdagmiddag 23 mei a.s. Er zijn 6 bijeenkomsten van 2 uur. Zonodig kan er bemiddeld worden bij het regelen van oppas en vervoer. Deelname is gratis. Geïnteresseerden kunnen zich opgeven tot uiterlijk 23 april a.s. bij het cursusbureau van de Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland, telefoon 0515 481834 (tijdens kantooruren).

Nadere informatie over de verschillende activiteiten is te verkrijgen via het genoemde telefoonnummer van de Stichting Thuiszorg Zuidwest Friesland.

=====

ZANGAVOND BOLSWARD

Evenals vorig jaar is het ook dit jaar mogelijk gebleken om een grote PRAISE & SAMENZANGAVOND te organiseren.

Hoewel de voorbereidingen voor deze avonden nog in volle gang zijn, staan ze gepland op D.V. zaterdagavond 23 maart a.s. in de Martinikerk te Bolsward.

Opnieuw wist Foppe Wiersma weer een groot gemengd koor samen te stellen van enthousiaste zangers en zangeressen. Aan de hand van een voorbespeelde muziek-cassette voor sopraan, alt, tenor of bas zijn de koorleden in staat geweest om hun partij thuis in te studeren. Daarnaast werden een drietal repetitie-avonden belegd om zo de te zingen liederen voldoende te kunnen instuderen.

Het zangrepertoir wordt gevormd door zowel liederen uit de traditionele sfeer als uit opwekking. Men vindt er echter ook het bekende Bijbellied

"Verblijdt in de Heer, verblijdt" van de componist G. Rathbone. Dit is een muzikale weergave van het gelijknamige Bijbelgedeelte uit Philippenzen 4.

Het instuderen van de koorzang, in het korte tijdsbestek vanaf 11 januari (eerste koorrepetitie), zou zonder het grote enthousiasme van de koorleden onmogelijk zijn. En dit springt nog des te meer in het oog als men weet dat slechts een klein gedeelte van de koorleden geregelde koor-ervaring heeft. Voor Foppe Wiersma -dirigent van het koor- is het dan ook een groot plezier, een dergelijke enthousiaste groep mensen bij het instuderen en zingen van de gekozen liederen, te mogen leiden.

Uiteraard is de samenzang het belangrijkste onderdeel van deze avond. Hiervoor werden de liederen gezocht uit het Liedboek voor Kerken, de bundel Opwekking en de bundel van Joh. de Heer.

De algehele leiding van de Praise en Samenzang in Sneek, ligt in handen van ds. Wim M. van Schuylenburg terwijl de zangleiding bij Foppe Wiersma berust. De koor- en samenzang zal enerzijds worden begeleid door Balt R. de Vries op het orgel en anderzijds door een samengestelde Praiseband.

Al met al voldoende ingrediënten voor een spontane PRAISE- EN SAMENZANGAVOND in de Martinikerk in Bolsward op 23 maart om 19.30 uur. D.V.

Boargerlike stân

Berne:

27 nov. Bauke Yke, soan fan Rinke en Richtsje Hiemstra-Boersma en broerke fan Sieberen.

30 nov. Tine Akke, dochter fan Kees en Sietske Nieboer-Fritsma en suske fan Wytske Jennechje.

17 des. Pieter Willem, soan fan Ellen en Nico Hielkema-Postma en broerke fan Hielke.

31 des. José Marrit, dochter fan Olof en Marjet Huitema-Popma en suske fan Marieke.

30 jan. Thomas Hendrik, soan fan Johan en Klaske Huitema-Veninga en suske fan Lianne.

Allegear jong libben! Us lokwinsken!

25 jier troud: Rintje en Géke Bakker
Ek úslokwinsken!

Stoarn:

Noch hast net te befetsjen:

1 des. Hayo Hijlkema en syn freon René Bos
troch in tige tragysk ûngefal yn Kalifornië
beide 21 jier âld en

10 des. Hans Posthumus en syn freondinne Francien
Edelman, ek troch in tige tragysk ûngefal
ûnder Hylpen. 25 en 19 jier âld.

6 febr. Stoar ús âld-doarpsgenoat Piebe Hoekema;
67 jier âld. Hy waard yn Tsjerkwert te
hûf brocht.

Der sil in protte krêft* foar nedich wêze
om dizze ferliezen drage te kinnen.
Us meilibjen!

Snypsnaren

- *Bert M. brûkte syn gersmower as snowblower.
- *Harold skoot mei syn huskyslide en dat showt.
- *Sjoerd G. ried mei de glêdens by de Himdyk net rjochtsôf, mar rjocht út..... En dat is nochal in ferskil!
- *Meinte G. fleach mei de glêdens mei syn auto tsjin it âlde skythús. Shit!
- *Jehannes, Yeb en Jelle kinne in aardich streekje ride, dat op nei Harns. By in brêge moast der eins klune wurde, mar boeren binne hastich en se woene melkerstiid wer thús. Se weagen it om oer in sydhout ûnder de brêge troch te rinne. Yeb stompde syn kop, boems! Jehannes laitsje en ploems! It is mar wat je leaver ha.....
- *Ferfolch:
Jehannes strûpte de wiete brot út. Efkes wringe mannen en dan der wer foar. Kâld? Wa hat it oer kâld! In echte Fries hat sokke tiden Bearenburch yn 'e ieren!
- *Wiko hat 3 dagen dien oer wat taaiwaar yn 1 dei docht.
- *Master H. hie de bearput fol.....iis tink?

* * **Schoenen weg.** Schaatsen betekent niet alleen plezier, maar soms ook wel pech en verdriet. Dat overkwam twee jeugdige schaatssters op het ijs bij de Fûgelkrite. Na een middag vol ijsplezier kwamen beide meisjes terug om de schaatsen voor de schoenen te verwisselen.

Tevergeefs, want onbekenden hadden de plastic tassen met daarin de schoenen meegenomen.

Soks oerkaam Rixt ek by de Ymswâldster brêge. Dichter Brandt V. stie om in hoekje te gnizen. Hÿ soe it eol dien ha. Heit Sjors siet lykwols efter de geraniums te laitsjen. Wa hie dat efter Sjors socht.....

*Doarpsbewenners oer de dyk sjogge alles yn't grut;
grutte molens, in grut nij molepark. Yde S. is ek
al oanstutsen. Hy neamt in fiich in megarezyn.

*Omdat him neat mear te learen wie, is Joop N. nei
15 jier stoppe mei oargelles.

*Gerben W. hat in nije bril. Syn âlde kriget in
nij libben yn Roemenië.

*Evert syn pinkebolle hjit Notaris Detmar.
Soe Evert him besprongen fiele?

*Wiko hat âlderskipsferlof. Vrijdag-Vaderdag!

*De K.I. wie by Sieko, de kompjuter waard efkes oer
de grûn lein. De hûn hie skijt oan dit neimoadrich
gedoch en miigde der oer hinne. Alle gegevens derút.

*Al liket it der noch net op, wy binne benijd wa't
ús dit jier it earste ljipaaieke fan Tsjerkwert
oanbiede sil.

*Kopy, snypsnaren en boargerlike stân ynleverje
fóár 6 maaie.

